

FIERING MIENSKIPLIK JUBILEUM yn PROVINSJEHÛS

Yn 2021 bestie It *Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy* 75 jier, *de Fryske Rie foar Heraldyk* 65 jier en de *NGV afdeling Friesland* 50 jier. It tafal woe dat dizze jubilea lykfoelen mei de 150^e jierdei fan de *Steateseal fan it Provinsjehûs*. Mei syn fjouweren binne op 29 oktober yn de histoaryske omjouwing fan de Steateseal de jubilea fierd mei in symposium. It provinsjebestjoer wie de gasthear op dy dei. Sintraal stie dizze middei de ynlieding fan

- mr. J. T. Anema, foarsitter van de Fryske Rie foar Heraldyk, oer “**Heraldyk yn de steateseal fan it provinsjehûs**”.

De oare lêzingen wiene:

- **75 jier Genealogysk Wurkferbân** troch Gosse van der Plaats, foarsitter Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy.
- **De Fryske Rie foar Heraldyk 1956-2021** troch Jelle C. Terluin twadde foarsitter fan de Fryske Rie foar Heraldyk, Heraut Frisia I.
- **50 jier NGV afdeling Friesland** troch Rinse Spits, foarsitter fan de Nederlandse Genealogische Vereniging afdeling Friesland.

De lêzingen binne nei te lêzen op de thússide fan de Fryske Akademy ûnder <https://www.fryske-akademy.nl/genealogy/>



Fan links nei rjochts: Bouwe D. van der Meulen (deifoarsitter), Gosse van der Plaats (foars. GWF), Sietske Poepjes (deputearre), Jelle C. Terluin (2^e foars. Fryske Rie foar Heraldyk), Rinse Spits (foars. NGV afd. Friesland), mr. Jan T. Anema (foars. Fryske Rie foar Heraldyk). Foto: Tineke Hartman.